

# Fryske Krite Sékrite yn Lelystêd

It ien-deis bestjoer fersoarget op sneon 7 jannewaris 2012  
yn "De Krakeling" yn Atol-Plaza, Schor 15, yn Lelystêd  
in gesellige middei mei:

## Hinky Bangma

Hinky Bangma fytste yn ien jier in rûntsje troch Amearika. Se foel op, want se fytste op in âlde rykrakfytts én op Fryske klompen. De reis is al mear as 20 jier ferlyn makke, mar noch altyd fertelt se mei in soad fleur en faasje oer har aventoeren. Se fertelt oer har fytstocht op klompen troch Amearika en Kanada: 9000 kilometer en mar ien kear in lekke bân! Faak komt se ek op klompen en fertelt se prachtich oer de ûnderfiningen fan har reis. Se fertelt hoe se it foar elkoar krige om by wyldfrjemde minsken te oernachtsjen. Mar betieden slepte se ek wol bûtendoar op in pikniktafel as ûnder in ôfdakje.

Mar gjin ien kear yn hotels of sa, der hie se de sinten net foar. Ek moaie ferhalen oer in enoarme kudde bizons dy't har sawat ferplettere hie en in feint der se mei yn in hotel sliepe mocht, mar dy wol wat fierder woe as allinnich sliepen. De opbringst fan al har ferteljûnen giet faaks nei earmen bern dy yn tehuzen yn Roemenië sitte. Alles wat se by har hat, is in âlde kaart en wat foto's. Neffens ús liket dit in moaie middei te wurden!



**Dizze middei begjint  
om 15.00 oere. Seal  
iepen fanôf 14.15 oere.**

Jimme sil der grif gjin spyt fan krije!  
By het ynkommen krije jim kofje as  
tee mei in stikje oranjekoeke.  
Dêromhinne sil ús sjongkoar wer moaie  
ferskes sjonge. Boppedat binne der yn  
it skoft lotten te keap. Wy hawwe wer  
moaie pryskes.  
Fansels is de boeketafel der ek wer  
mei healsliten boeken.

Nei ôfrin kinne jimme in **jefte jaan foar in bernetehûs** yn Roemenië  
Foar ferfier, skilje mei ien fan de iendeis-bestjoersleden:

Lelystêd: Ebele v.d. Veen - 0320 228348

Sjoerdsje Bijkerk - 06 23646442

Ek dit jier helje wij wer bakkersguod út Snits.

Wolle jo dat se ek foar jo meinimme, skilje dan foar âldjiersdei 06 23646442

